

## O God fan Israel, ús heit

1

O, God fan Israel, ús heit,  
Jo binne heech te priizjen.  
Fan ivichheid ta ivichheid  
sil elk Jo ear bewiizje.  
Fan Jo is alle hearlikheid  
yn himel en op ierde.  
Jo gruttens, macht en majesteit  
behearsket alle tiden.

2

Wy stean mei lege hannen, HEAR,  
as Jo gjin wolfeart skinke.  
't Is mei jo rykdom, macht en ear  
dat Jo ús myld betinke.  
Wat kinne wy oan Jo noch jaan  
dat Jo foartiids net hienen?  
Wat sill' wy foar jo namme dwaan?  
Jo binne foar't wy wienen.

3

Wa bin ik en wat is myn folk  
dat wy Jo tankje kinne?  
Us wif bestean is as in wolk  
dy't flechtet foar de sinne.  
Wy sykje, Hear, by Jo asyl,  
jou ús in nij fertrouwen.  
Dan sill' wy ien fan hert en siel  
in timpel foar Jo bouwe.

4

Nim dizze jefte fan ús oan  
dy't Jo ús earder joegen.  
Wy lizze 'm tankber yn 'e hân  
dêr't Jo ús folk mei droegen.  
O Heare, hifkje ús it hert  
en sjoch mar: it is mienens.  
Wy woll' Jo tsjinje ier en let  
mei kleare tagedienens.

5

God fan ús foarfaars, lit jo Geast  
ús herten ek ferljochtsje.  
Ja, meitsje ús libben ta in feest,  
as wy op Jo ús rjochtsje.  
De hertstocht dy't hjoed oer ús kaam,  
God, lit it sa dochs bliuwe.  
Dan binn' wy ien mei Abraham  
yn leafde en yn leauwe.

*tekst* David de Jong, neffens 1 Kroniken 29:10-19  
*meldij* Luuk Sikkema

Dit liet kin ek songen wurde op de meldij fan Psalm 91